

Pieter Lukkes:

NUT EN NEEDSAAK WYNENERZJY YN FRYSLAN.

(Ynlieding foar it CDA-Dantumadiel, Rinsumageast 22/10/2014)

1. At wij nou allegearre hjir bûten it Sintrum op'e strjitte stean geane, dan steane wij yn in romte dy't de iene kant út nei Honolulu em werom rint, nei de oare kant komme wij yn Australië en nei boppen ta giet it oan de stjerren en noch fjirder. Fan wa is dy romte. Fan gjinien fansels. Derom neam ik dat de kollektive romte. Ik sil dat begrip jûn faker brûke. Dy kollektive romte is de romte weryn wij libje. Dat wol sizze dat wij deryn wenje, buorkje, sporte, fleane, túnkje, rekrearje, reizigje, praetsjes oer de hage meitsje en wert wij ús wol of net thús fiele.
2. Frál dat thúsfielen is fan grut belang. Der binne plakken wer 't wij foar neat noch net wenje wolle. Mar as wij ús der krekt wol thús fiele dan hawwe wij it gefoel dat dy romte fan ússels is. Dy romte jout in goed en feilich gefoel. De Dútsers neame dat in Heimatgefühl. Dy romte mei net oantaast en fertutteaze wurde. Want dan komt men oan eat dat fan ús is. Der is net iens sa folle foar nedich om dy romte te ferpesten. Nim Burgum. As dat plak gjin stjonkfabryk hân hie, dan, sa bin ik fan betinken, wie it nou grutter west as Drachten. Stunten mei monstertrucks lyk as ferliner moanne yn Haaksbergen en musykfestivals binne winstobjekten foar bedriuwen. Dy festivals meitsje in hels kabaal, sadat sels stokdove minsken gehoorbeskermers nedich hawwe. Mei stank en kabaal haw ik nou al twa grutte fersmarkers fan ús kollektive romte neamd. As der minsken earne tsjin yn ferset komme dan is dat 6 fan de 7 kear om't harren omjowing, harren wengebiet bedriige wurdt.
3. Ik kom hjirmei op de kearn fan de problematyk wer't wij it jûn oer hawwe. Wij sitte ommers mei it feit dat wynturbines in stik fan ús kollektive romte yn beslach nimme. Wynturbines en romtebeslach binne hast synonym. Ik tink dat de útbaters fan de turbines dat ek leaver net hiene. Mar ja, de turbines ûnder de grûn stopje is gjin alternatyf. Boppedat is dit net it ienichste probleem wermei de útbaters fan de turbines wrakselje. Derbij kinne wij tinke oan :

1^o. It waait hjir net hurd genôch. De turbines produsearje pas maksimaal as de hierren je fan de kop waaie. Dat komt omdat de opbringst fan de turbines evenredich is oan de tredde macht fan de wynsterkte. Dus as de turbine fol fermogen jout bij 12 meter/sekonde dan jout hij bij 6 meter/sekonde net de helt en ek net in kwart mar 1/8e part. Dat is 12½%. Yn fakkringen wurdt dat de produksjefaktor neamt. Neffens it CBS wie dy produksjefaktor yn 2013 op it lân (siz mar hjirre) 23%. Dat betsjut dat de turbines, omrekkene nei fol fermogen, rom trijekwart fan de tiid stil steane. De ekspluitanten hawwe mei oare wurden in feint yn tsjinst dy't mar 1½ dei yn'e wike wurket mar wol foar 7 dagen betelle wurde moat. En dan levert hij ek noch min wurk. Want hij wurket allinne as it waait en as it waait is de stroom fakentiids krekt net nedich.

2^o . In masjine dy't it trijekwart fan de tiid net docht is fansels fierstentedjoer. As gefolch derfan is wynenerzjy net konkurrearjend mei oare foarmen fan elektrisiteit. Dit is ien fan de redens werom wynenerzjy fanôf it begjin subsidjerre wurde moat en noait fan dy subsydzje ôf komme sil. Mar dat betsjut dat de befolking út en gedurich bijspringe moat, bijgelyks troch belestingen en heffings te beteljen. Dat sil de kommende jierren flink yn 'e papieren rinne. Want der is in saneamd Energieakkoord sletten. Neffens dat akkoord moat der oer sa'n 10 jier 6000 MW op it lân en 4500 MW op sé stean. Dy projekten kinne harren sels net bedrippe. Dus wurde de tekoarten omslein oer de húshaldens. Yn totaal sil ús dat € 60 miljard kostje. Dat komt per húshâlding del op dik 500 euro it jier. Goed begripe: net ien jier, né 15 jier lang. Lege ynkommens kinne dat net betelje. Dus krije wij itselde lijen as wij bij it begjin fan dizze regearperiode sjoen hawwe. Doe kaemen binammen de VVD'ers yn opstân tsjin it ynkommensôfhinkelik meitsjen fan de syktekostenfersekering. Nou datselde folk kin him no opmeitsje foar it ynkommensôfhinkelik meitsjen fan de enerzjyheffings. Fansels jout dat reboelje.

3^o . In grut probleem foar de wynenerzjy-yndustrie is dat der gjin merk foar har produkt is. Yn Nederlân en Europa is in grut oerskot oan elektrisiteit. Troch wynparken te bouen wurdt dat oerskot allinnich mar grutter. Kwa priis kin wynenerzjy lang net konkurrearje. As wynenerzjy op de frije merk oanbean wurde soe, dan waerd der gjin kilowatt ferkocht. Frije merkomstannichheden binne deadlik foar dizze sektor. Dus moat der in keunstmattige merk skepen wurde. Dy merk is yn it libben roppen. Yn de kunstmjittige merk binne de enerzjymaatskippijen ferplichte om alle oanbeane wynenerzjy ôf te nimmen. Ek as se dy net brûke kinne. Dan moatte se oare sintrales mar útsette. Fansels is dat in djoere saak. De kosten derfan wurde op de húshâldens ferhelle. Dat is net allinnich ferfelend foar de húshâldens, ek de wyneerzjysektor is der net bliid mei. Want dy sektor is ekstreem subsydzje-ôfhinkelik. Har hinget altiten boppe de holle dat de polityk de spulrigels ynienens feroaret. Lyk as koartlyn yn Spanje bard is. Dit ferklearret werom de wynsektor út en gedúrich oan dringt op de betrouberens fan de polityk. Dy mei it subsydzjestelsel net feroarje.

4^o . Wat dreech leit is dat wynturbine bouers wat de romtlike oardering oanbelanget in spesjale behandeling nedich hawwe. Lyk as ik al sei is it in probleem dat it hjirre net hurd genôch waait. Om dochs noch wat wyn te fangen moatte de turbines op de romte stean. Dus moat min fergunning hawwe om te bouwen op plakken wêr in gewoan minske noch gjin kninehok delsette mei. De konsekwinsje fan dizze lokaasje-easken is dat wynturbines bepalend binne foar it oansjen fan in grut gebiet derom hinne. Se bepale mei oare wurden de romtlike kwaliteit fan it plattelân yn in wiide omjoving. In turbine fan 150 meter hichte is fan kilometers fier te sjen. Der komt noch bij dat ek de regels fan it lúdoerlêst ten geunste fan de wynenerzjy oanpast binne. Meiinoar betsjut dit dat de wynsektor bestiet bij de graasje fan in foarkeursbehandling. Minsken dy't foarlutsen wurde binne selden populêr en as dy ek noch de kwaliteit fan de wenomjoving oantaaste dan is der sprake fan in grut probleem.

5^o. De wynsektor en in tal instânsjes besykje it ferset tsjin de komst fan turbines te brekken troch saneamd draachflak te ronseljen. It CDA wol der ek oan meidwaan. Ik bin as regel myld, mar wat dit oanbelanget wurd ik gremitch. Want it betsjut dat de romte weryn wy ús libben ynrjochte hawwe – de kollektive romte- privatisearre wurde. Dat betsjut dat de romtlike omjowing eigendom is fan de doarpsbeweenners en dat dy de de kollektyve romte ferkwânselje meije. Dat is neat oars as dieverij. Want as dat mei dan mei ik de klinkers út de strjitte foar ús hûs ek ferkeapje. Dat oaren der lêst fan hawwe sil mij in soarch wêze : ik wurd der better fan. Hjir wurdt in wei ynslein dy't liedt nei de ein fan Nederlân as rjochtssteat! It ronseljen fan draachflak is in maffiose praktyk. Dat de befoarderaars fan wynenerzjy harren derta ferleegje is in skande.

4. It is tiid om efkes skoft te hâlden. De fraach jûn is of wynenerzjy nuttich en nedich is. Nou fan needsaak kin yn de fierste fierte gjin sprake wêze. Derom makket it CDA yn it ferkiezingsprogramma 2014-2019 een rare misslach troch te skriuwen: Windenergie is nodig en belangrijk voor de toekomst". It CDA kin it bewiis hjirfoar yn gjin 100 jier leverje. Derom is it in gefaarlike en foar fryslân rampsalige bewering dy't werom nommen wurde moat. De oare fraach is oft wynenerzjy nuttich is. Wij moatte der grutte offers foar bringe mar krije wij der ek wat foar werom? Yn in belangryke nota út 1999 seit it regear dat wij de neidielen fan yngrepen lyk as wynparken akseptearje moatte as der BELANGRIJKE MAATSCHAPPELIJKE DOELEN DOOR WORDEN GEDIEND. Wat kinne dy belangryke maatschappelijke doelen wêze? As ik dizze fraach yn'e gearkomste gooje soe dan bin ik der wis fan dat der 4 foardielen fan wynenerzjy neamd wurde. Dat soe dan it nut fan wynenerzjy wêze. Dat binne:

1. Wynenerzjy is goed foar it klimaat. Wynenerzjy sparret CO₂ út en CO₂ is in broeikasgas. Troch minder broeikasgas te produsearjen waarmet de dampkring dus minder op en dat is goed. Dat foarkomt dat it klimaat út de hân rint. Spitigernôch sjocht der werkelijkheid der wat oars út. In protte minsken fan kwizekwaansje sizze dat it wol wier is dat CO₂ in broeikasgas is mar dat de ynfloed derfan op it klimaat te ferwaarleazen is. Mar it is noch folle slimmer want it docht bliken dat wynenerzjy per saldo gjin CO₂ útsparret. Dat siz ik net, dat seit it CPB en stiet ek te lêzen yn it parlementêre ûndersyk fa desimber 2012. Yn dit ûndersyk neamt men it it wetterbêdeffekt; as Jo op it iene plak drukke dan komt it op in oar plak omheech. De útstjit fan CO₂ wurdt bepaald troch it kwotum dat elk lân útstjitte mei. Fergelykje it mei it molkekwtum. As boer Jan ophaldt mei buorkjen dan wurdt de molkeplasse net lytser want buorman Jelle nimt syn kwotum oer en melkt de plasse wer fol. Wynenerzjy en klimaat hawwe dus neat mei inoar te krijen. Wat dit klimaat oanbelanget moat der noch bijsein wurde dat de temperatuer op ierde nou al 15 jier hast net mear omheech giet. De klimatologen dy 't in fjirdere opwaarming forspeld hiene sitte mei de hannen yn it hier. Want sy kinne dizze stop yn de temperatuurontwikkeling net ferklearje. Sy neame it ferskynsel in hiatus en se hawwe gjin idé hoe dy te ferkearjen. Hoe dan ek: wynturbines en klimaat hawwe neat mei inoar te krijen. Fan nut is op dit mêd gjin sprake.

2. Wynenerzjy is duorsum dus goed wurdt der sein. It begrip duorsum is it meast misbrûkte wurd fan dizze tiid. Wat wurdt dermei bedoeld?. Yn neifolging fan Brundtland fan de VN skriuwt Diederik Samsom hjir oer: Duurzame energiebronnen moeten voldoen aan één essentiële voorwaarde: het gebruik ervan mag toekomstige generaties niet voor problemen stellen. Hjirút kin mar ien konklúzje lutsen wurde nammentlik dat wynenerzjy net duorsum is. Want de foarnommen bou fan wynparken sil de kommende generaasjes opskepe mei in protte ellinde. Wynenerzjy soe duorsum wêze as wynkrêft streekrjocht feroare yn elektrisiteit. Mar dat is net sa. Der binne tal fan saken foar nedich dy 't yn 'e koarste keren op binne: jild, seldsume metalen lykas neodymium dat foar 90% út sjina komme moat, romtlike kwaliteiten, stilte, rom sicht, ruzjefrije mienskippen en gean mar troch. Wynenerzjy is net duorsum mar wol tige fersmarkjend. Dochs wolle partijen yn Den Haach mei dizze smoarge enerzjy in duorsume maatskippij bouwe. Hoe't dat moat haw ik as fraach de PVDA foarlein mar gjin antwurd krige, Ik bin bang dat it CDA net folle better is. Hjir sjogge wij it grutte gat tusken de polytike partijen en it gewoane folk. De kultuerhistorikus René Cuperus skreau yn de Volkskrant fan 21 juli 2014: Politieke partijen zijn opgehouden de burgers te vertegenwoordigen en sa is it mar krekt.

3. Mei wynenerzjy kinne wij minder ôfhinkelik wurde fan de import fan enerzjy út Ruslân. Wa't dat leauwt leauwt ek yn Sinterklaas. Op dit stuit fersjocht wynenerzjy foar in pear tsienden fan in persint yn de energybehoefte fan de EU lânnen. Yn ús lân is dat in bytsje mear as in heal persint. Oer 10 oant 15 jier, as wij der € 60 miljard oan útjown hawwe sille de noch in pear persint bij komme. Stelt dus nou neat foar en sil dat ek yn de takomst net dwaan. Poetin skuort him de bûsen út fan it laitsjen as wij him mei wynenerzjy bedriigje. Derom is Brussel ek net sa dom om wynenerzjy as striidmiddel tsjin Poetin yn te setten. Ek op dit punt falt dus gjin nut te bespeuren.

4. Wynenerzjy is nedich om te foarkommen dat de fossile brânstoffen binnenkoart opreitsje. Oan't nou ta haw ik it allinne mar hawn oer ûnwiere arguminten. Dit argumint is in hiel lyts bytsje wier. Want as wij mear wynelektrisiteit yn ús enerzjymiks stopje dan sille wij minder fossile branje nedich hawwe. Dertroch soe it momint dat de fossyle branje útput is fjirder nei de takomst ferskove. Dit is it ienigste nut, dat oan wynenerzjy taskrean wurde kin. Hoe grut is dat nut? Wol ik haw wat opfettings op in rige set en bin ta de konlúzje kaem, dat de 10 500 MW wynenerzjy op it lân en yn sé yn 2025 sa'n 2% besparring op it ferbrúk fan fossyle branje jaen kin. Fiif swiergewichten (Le Pair, Udo, Van den Berg, De Groot en Verkooijen) hawwe krekt in artikel skreaun weryn se bewere dat ik in te geunstich byld skets. Sij komme ta in besparring fan mar 0,5%. Ik wol hjir net oer redetwiste; dúdlijk is dat dit argument fan besparring fan fossyle branje wier is, mar dat it effekt derfan ûnmjitber lyts is. Jimme sille der like folle fan merke as fan de 1000 euro dy 't Rutte ús in pear jier lyn yn ferkiezingstiid tasein hat. Ik lies dat dy 1000 euro útkeard is. Wa fan Jimme der eat fan murken hat mei it sizze.

Wij kinne hjir net oars út konkludearje dat wynenerzjy oerstallich en nutteleas is. Der feroaret ek it CDA neat oan..

Foarsitter Houtstra stjûrde mij in mail mei de fraach oft ik wol omtinken jaan wol oan alternativen foar wynenerzjy. Dy fraach is mij te dreech. Ik wit nammentlik net út hokker alternativen ik kieze mei, nou en aanstens. Dan soe ik witte moatte wat der op 100den plakken yn'e wrâld yn ûndersyksinstituten útbret wurdt.

Ik kin dit taljochtsje oan de hân fan in artikel oer in jongfaam fan goed 20. Times Magazine skriuwt dat fan dizze Leslie Dewan ferwachte wurdt dat se de wrâld feroarje sil, binammen mei wat neamd wurdt TRANSATOMIC POWER. (Googlje marris op dat trefwurd) Sokke wizzkids binne oeral en dy soargje allegedúrich foar nije mooglikheden. Bij de fraach nei alternatyven makket de polityk en wij sels ek de grutte fout dat wij net mei it ûnbekinde omgean kinne. Wij geane mei de rêch nei de takomst stean en besykje yn it ferline de takomst te lêzen. *Net it ferline makket de takomst mar de saken dy 't noch útfûn wurde moatte!!* Wij moatte ynfestearje yn dat fernijingsproses. All we need is lef. De hiele polityk is op dit stik fan saken fizyleas!!! Wij wurde bestjûrd as soene wij yn'e midsieuwen libje en net yn de ferskriklik turbulente tiid fan hjoed!

Dochs wol ik temjitte komme oan it fersyk fan de foarsitter.

1. Wynenerzjy is oerstallich en dus is it stom om al dy ellinde frijwillich op'e hals te heljen. It allerallerbêste alternatyf foar wynenerzjy is gjin wynenerzjy. Lit dit de wichtichste boadskip fan dizze jûn wêze.
2. Hjoed hat de sinne foldwaande enerzjy nei de ierde stjûrd foar 25 jier enerzjyferbrûk fan alle rom 7 miljard ynwenners. Moarn sil de sinne wer sa'n poasje stûre en oaremoarn ek en gean sa mar troch. De winning fan sinne-enerzjy is noch lang net útûntwikkele en der is sot fan.
3. Op dit stuit kenne wij de kearnsplittings as enerzjybron. Dat proses hat men nou goed ûnder de knibbel en is feilich. Mar dernêst is de skjinne kearnfusy. Dat sil noch wol in pear decennia duorje. Dat hinget ek ôf of der foar it ûndersyk foldwaande jild beskikber komt. Dat is net it gefal.

En dan is der de thorium-reactor. Dy is skjin en feilich. Ik haw wolris lêzen dat men doetiids foar uranium en plutonium keazen hat omdat fan thorium gjin atoombom makke wurde kin. De maatskippijen dy't nou kearnsintrales hawwe sjogge thorium as in konkurrint en ek de miljeubewegings sjogge it as in bedriiging fan harren dream fan in transysje nei in syteem basearre op wyn en sinne. Leaver alle jild fergrieme oan wynenerzjy dan it te besteedzjen oan ûndersyk foar in skjinne takomst.

Ja hear ik nou al guon roppen, mar ik wol perfoast neat witte fan kearnenerzjy. Nou dy minsken moatte net lekker yn it sintsje sitten gean want dat is kearnenerzjy en neat oars.

4. En dan is der noch fossyle brânstof foar minstens 100 jier. Fansels ropt min dan dat wij net 100 jier troch gean kinne mei it útstjitten fan CO₂. Nou dat hoecht ek net. Hoewol wichtige partijen, dy't goudjild ferstjinje oan CO₂ der tsjin binne wurdt der dochs ûndersyk dien nei it omsetten en ûnskaadlik meitsjen fan CO₂.

As it saneamde CO₂- probleem oplost is, dan stie der gjin taboe mear op it ferbrúken fan fossile brânstoffen. Dan sjocht de takomst der ynienen hiel oars út. Folle better, wol te ferstean. Utsein fansels foar de machtige partijen dy't nou klobben jild oan CO₂ fertsjinje.

5. Ik lit it hjirbij. Ferjit dus blue energy, algen, fotosynthese en al dy oare alternatyven der 't men wolris oer lêst mar gjin ferstân fan hat.

Minsken, wij kinne hjir jûn húnje, eamelje, skrieme, laitsje of bidde, it wurdt ien pot ellinde yn dizze provinsje.

De skuld hjirfan leit bij it ûnferstân yn de polityk. Dy docht syn plicht net. De polityk hat nou al 20 jier fersomme om te ûndersykjen wat it nut en de needsaak fan wynenerzjy is. De Kommisje Fryslân foar de Wyn en de Kommissje Winseminus binne like dom dwaande west. Want dy hiene fansels begjinne moatten kritysk nei te gean hoe needsakelik it is om Fryslân fol te setten mei turbines. Mar né hjer dizze sufferds hawwe net frege WEROM Fryslân fernield wurde moat mar HOE de provinsje nei de soademiter holpen wurde kin. Wij moatte ús der yn grutte kloften tsjin fersetste, aansens ek yn it stimhokje.

As ús politisi as rintmasters hannelje dan hâlde se 10-tallen miljarden oer om te besteegjen oan de ontwikkeling fan in grut tal betelbere, skjinne en feilige alternativen. Dat jild giet nou nei de wynkongsi.

Foarsitter ik ha sein.

Pieter Lukkes

Oktober 2014

(Staveringshifker út)